

Dingtiid  
O.f. K. S. Spoelstra, foarsitter  
BHP Flex/Blokhúspoarte  
Blokhúspanlein 40  
8911 LJ LJOUWERT

Ljouwert, 3 oktober 2017

Ferstjoerd, **- 9 OKT. 2017**

Ús merkteken : 01425003  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Opsteld troch : S. de Jong / (058) 292 56 10 of sytske.dejong@fryslan.frl@fryslan.frl  
Jo merkteken : -  
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : Reaksje op it advysrapport Meartaligens as kwaliteit en doel

Achte hear Spoelstra,

Wy sizze jo hertlik tank foar it DINGtiid-advys *Meartaligens as kwaliteit en doel*, lykas dat op freed 3 febrewaris 2017 oan deputearre Poepjes oerhannige is.

Meartaligens yn it ûnderwiis is foar ús in wichtich en aktueel ûnderwerp. Foar it oerdragen fan it Frysk oan de nije generaasje achtsje wy ûnder oaren goed taalûnderwiis needsaaklik. Wy hawwe dêrby each foar de meartalige kontekst dat rjocht docht oan de deistige praktyk wêryn't meardere talen neist elkoar brûkt wurde yn ús provinsje. Wy sette mei om dy reden al sa'n tsien jier yn op meartalich ûnderwiis; jo advys jout ús de befêstiging dat wy datoangeande op de goede wei binne.

Hoewol't it advysrapport ús oan de iene kant in algemiene befêstiging jout, wolle wy oan de oare kant ús nuansearring útsprekke oer jim byld fan de aktuele situaasje fan it Frysk yn it ûnderwiis. Dêrneist sette wy hjir en dêr fraachtekens at it giet om de represintativiteit fan it rapport, de wurkwize, de formulearring en de boarneferwizing. Amtlik en bestjoerlik is ien en oar al mei jo bepraat. Hjirby jouwe wy jo dêr, lykas ôfptraat, in koarte taljochting op en geane wy yn op de advizen út it rapport.

### **Wurkwize en struktuer**

Troch it ûntbrekken fan in literatuerlist, in list fan alle ynterviewde persoanen en organisaasjes is foar ús kwealik nei te gean wêr't de ynformaasje út it rapport op basearre is. Sa falt út it rapport (haadstik 2 en by de boarnefermelding) ôf te lieden dat jo praat hawwe mei in tige beheind tal skoallen, dochs wurdt yn it rapport suggerearre dat it giet om de dieldelike miening fan it ûnderwiisfjild. Wy hawwe begrepen dat jo yntusken de analyse fan it Lektoraat

Frysk en Meartaligens yn Underwiis en Opfieding, dêr't jo jo konklúzjes oangeande de miening fan it ûnderwiisfjild mei op basearre hawwe, op de webside fan Dingtiid pleatst hawwe. Dy analyse is makke op basis fan in bredere groep fertsjintwudigers fan it Fryske ûnderwiisfjild en kaam oerien mei de befinings út de petearen dy't jo sels fierd hawwe. Dat is weardefolle oanfullende ynformaasje en wy stelle it op priis dat jo dy publisearre hawwe. Fierder fine wy dat de formulearring fan it advys kreker kinne soe: begripen wurde faak net yn in kontekst pleatst, net krekt genôch definiearre en geregeld wurdt praat oer 'se' en 'wy' sûnder dat dúdlik is nei wa't dat ferwiist.

### ***Ynhâldlike nuansearing***

#### Provinsjale rol en foegen

Yn haadstik 2 fan it rapport sette jo útein wat de provinsjale foegen en taken binne. It kloppet dat Deputearre Steaten sûnt 2014 it foech fan it Ryk oerkrigen hawwe om njonken folsleine ûntheffing ek parsjele ûntheffing foar it fak Frysk te ferlienen. Dêrneist hawwe Provinsjale Steaten it foech krigen om de kearndoelen foar it Frysk fêst te stellen. As it giet om de Materiële Ynstânhâlding Frysk, hawwe wy al langer de taak om de Ryksjilden hjirfoar te ferdielen ûnder de skoallen yn Fryslân. Wêr't der earder allinne MYF beskikber wie foar de groepen 3 oant en mei 8 fan it primêr ûnderwiis, is der yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 fêstlein dat ek foar de learlingen fan groep 1 en 2 MYF beskikber kommen is. Hjirfoar wurdt struktureel ekstra jild útlutsen. Datselde jildt ek foar de earste klassen fan it fuortset ûnderwiis.

As it giet om tafersjoch op it fak Frysk, dan hat de provinsje folslein gjin foech. Dit foech is by de Ynspeksje fan it Underwiis belein. It iennichste wat de provinsje dwaan kin, en ek geregeld docht, is de befinings út de praktyk diele mei de Ynspeksje. De kontakten mei de ynspeksje binne wat dat oanbelanget tige goed en de linen koart.

Oangeande de akkreditaasje fan skoallen en opliedings, hawwe wy folslein gjin foech. Dat jildt ek foar diplomafêststelling en sertifisearing.

#### Us byld fan de aktualiteit

Jo byld is dat de ferhâlding tusken de formele taken fan de ryksoerheid en de oerdracht dêrfan oan de provinsje Fryslân noch net foldwaande útkristalisearre is. Nei oanlieding fan de wiziging yn de WPO en de WVO is besletten dat in Beliedsregel opsteld wurde moat wêrby't rekken hâlden wurdt mei de nijste befinings en ynsichten oangeande de Fryske taal yn it ûnderwiis. Mei it fêststellen fan dy beliedsregel wurdt foldien oan de ferplichting út de WPO en de WVO en wurdt de rjochtssekerens fan skoallen en âlden tsjinne. As tarieding op dy Beliedsregel hawwe Deputearre Steaten oerlis fierd mei it Fryske pû en fû. Mei it fêststellen fan de 'Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs' (Publisearre yn it Provinciaal Blad fan 26 juny 2015) hawwe Deputearre Steaten it ramt foar dy beliedsútoefening dúdlik sketst.

Oan dizze beliedsregel wurdt útfiering jûn middels it Taalplan Frysk. De skoalbesiten hjirfoar wurde útfierd troch ûnderwiiskundigen yn tsjinst fan NHL, yn opdracht fan de provinsje Fryslân. Doel fan it Taalplan Frysk is ûnder oaren om fan eltse skoalle foar primêr en fuortset ûnderwiis yn de provinsje (ynklusyf de Stellingwerven en de Waadeilannen) yn byld te krijen wat sy oan it Frysk of in streektaal dogge. De skoalle kin dan, as útwurking fan it oerdroegen foech, in parsjele ûntheffing krije foar de kearndoelen dy't sy op it stuit fan de skoalbesite noch net behelje, foar in perioade fan maksimaal fjouwer jier. Hjirmei krijt de provinsje in hiel realistysk byld fan de stân fan saken fan it Frysk yn it ûnderwiis. De eksersysje yn 2016-2017

tsjinnet as nulmjitting. Om de fjouwer jier sil wer foar eltse skoalle de stân fan saken fêststeld wurde. Yntusken wurde skoallen stimulearre om it Frysk mear te ûnderwizen, mocht dat nedich wêze en rjochtdwaan oan de lokale taalsituaasje. Sa wurket it Taalplan Frysk ek as groeimodel.

Op dizze wize, tegearre mei it ûntwikkeljen fan in metoade-ûnôfhinklik toetsings- en evaluaasjesysteem, it ûntwikkeljen fan nije digitale metoaden foar primêr en fuortset ûnderwiis, transysje fan it neiskoallingsoanbod fan oanbodrjochte nei fraachstjoerd, jouwe wy ynfolling oan de oanbefellings fan de Ynspeksje fan it Underwiis út har lêste rapport 'Tusken Winsk en Wurklikheid' (2010).

Bûten de wetlike taken en foegen om, fiert de provinsje ek al jierren autonoom belied at it giet om it befoarderjen fan it oerdragen en brûken fan it Frysk fan de berte ôf. Dat begjint, sa't jim ek neame, mei it útdielen fan in Taalkado by de berte-oanjerfte en sette wy troch fia de lokaasjes foar meartalige foarskoalske edukaasje en berne-opfang, it trijetalich primêr ûnderwiis en it meartalich fuortset ûnderwiis. Sa wolle wy de trochgeande learline meartaligens fan pjut oant promovendus sa goed en sterk mooglik delsette.

### **Advizen**

Jo beslute it rapport mei in tweintichtal advizen. De ferdieling tusken advizen foar de koarte termyn en de lange termyn, fine wy tige oersichtlik. Ek dat jo oanjouwe foar wa't it oanbelangjende advys bedoeld is (Ryk, provinsje of skoalbestjoeren), draacht by oan de helderheid. De advizen dy't jo spesifyk oan de provinsje jouwe, slute goed oan by ús belied sa't dat formulearre is yn de beliedsbrieff Mei Hert, Holle en Hannen (2017-2020). Ek hjir binne wy bliid mei de befêstiging dat wy de goede kant op gean. Wy binne it mei jo iens dat wy as provinsje ús rezjyrol, as Taalskipper, noch wat sterker oppakke kinne soenen en dêr sille wy dan ek nei sjen. Wy begripe dat jo datoangeande graach in wat aktivistysker oerheid sjen wolle soenen. Freonlik wize wy jo der op dat it taalskipper wêzen net betsjut dat wy dêrmei mear foech of mooglikheden krigen hawwe om it Frysk in steviger posysje te jaan. It jout heechút oan dat dúdliker is wê't de rezjy leit. Sa't in skipper neat begjinne kin sûnder de meiwurking fan syn bemanning, sa begjint de provinsje neat sûnder de meiwurking fan de Fryske (oerheids)organisaasjes en fansels de Friezen sels. En dy meiwurking falt no ien kear dreech ôf te twingjen.

By in oantal advizen wolle wy graach in ynhâldlike reaksje jaan.

#### **Advys 1:**

Untwikkelje mei-inoar in brede bewustwurdingskampanje mei dúdlike en oantreklike ynformaasje oer de meartalige útgongssposysje fan Friezen, de mearwearde fan meartaligens en de kânsen dy't dat biedt. KH2018 en yn it bysûnder it KH-projekt 'Lân fan Taal' kinne dêr in wichtige rol yn ha.

#### **Reaksje op advys 1:**

*Foar in part jouwe wy al ynfolling oan dit advys, bgl. mei de Praat mar Frysk-kampanje. Mar wy binne mei jo iens dat de fokus ek mear op bewustwurdiging lein wurde moat. Hjirby moat ek ferbreiding nei it ûnderwiis socht wurde, om mear draachflak foar it Frysk by âlden, dosinten, bestjoerders en learlingen te kreëarjen.*

Advys 2:

Wreidzje it konsept fan it heit-en-mempanel út nei basisskoalle en fuortset ûnderwiis as basis foar mear strukturele belutsenheid. Behelje by de útfiering dêrfan studinten fan PABO en SPH. Ferbining mei it KH2018-projekt 'Lân fan Taal' soe dêrby hiel nuttich wêze kinne.

*Reaksje op advys 2:*

*Dit advys rekket ek it earste advys, dêr't we graach neier ynfolling oan jouwe.*

Advys 3:

De basisgedachte fan it Europeesk Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen fan de Ried fan Europa is it beskermjen en befoarderjen fan de minderheidstalen mei it doel de brûkers fan dy talen te stypjen yn har persoanlike en kulturele ûntwikkeling. Yn 1992 hat Nederlân dat Hânfest as ien fan de earste lidsteaten tekene; by de ratifikaasje yn 1996 hat Nederlân út it karmenu fan diel III fan it Hânfest 48 maatregels ûnderskreaun om it Frysk te befoarderjen yn it ûnderwiis en de oare domeinen. Yn it nijste rapport (2016) oer de ymplemintaasje fan dy maatregels is de Ried fan Europa kritysk oer Nederlân, benammen oangeande it ûnderwiis. De Ried fan Europa jout de algemiene oanbefelling om it ûnderwiis yn it Frysk op alle nivo's te fersterkjen. Jou as ûndertekener fan it Hânfêst ek serieuus gehoar oan de oanbefellings fan de Ried fan Europa yn de rapportaazjes oer de ymplemintaasje fan it Hânfest.

*Reaksje op advys 3:*

*Dêr hawwe wy it mei it Ryk oer.*

Advys 4:

Nim foar leararen yn Fryslân it hawwen fan it foech Frysk op yn de bekwamenseasken sa't dy yn de Wet op de beroppen yn it ûnderwiis (BIO) neamd wurde. Yn gearwurking mei de Underwiiskooperaasje, seksje Frysk Feriening Leararen Libjende Talen en de learare-opliedings.

*Reaksje op advys 4:*

*Dizze kwestje hat ús omtinken. Hjir wolle graach yn gearwurking mei Ryk en Ynspeksje ynfolling oan jaan. Lykwols, wy wolle learkrêften dy't no sûnder foech goed Frysk jouwe, net samar diskwalifisearje foar it jaan fan it fak Frysk. Wy fine dat der in goeie oplossing komme moat foar de bekwamenseask foar learkrêften.*

Advys 5:

Yn ús algemiene advys Feroaring en ferbettering ha wy pleite foar mear en better stjoer (faze 1) as rânebetingst om mei mienskiplike ambysjes foar it Frysk oan de slach te gean (faze 2). Yn oansluting dêrop giet dit Advys 5 ek oer rezjy. Nei de oerdracht fan it formele foech fan it Ryk nei de provinsje is de feitlike taak en de rezjyrol fan de provinsje beskreaun yn de beliedsregel. Meitsje dúdlike ôfspraken oer dy taken en rol en soargje foar foldwaande kwalifisearre kapasiteit foar de ymplemintaasje.

*Reaksje op advys 5:*

*As it giet om de ynfolling fan de feitlike taken en rezjyrol fan de provinsje op it mêd fan it ûnderwiis, is dat neffens ús wol foldwaande útkristalisearre. Oangeande de taak fan Taalskipper binne der noch stappen te setten.*

Advys 6:

Om it belang dat se hechtsje oan 'meartaligens as kwaliteit en doel' sjen te litten, soenen oerheden yn Fryslân mei-inoar ôfprate moatte dat meartaligens in eask yn fakatueres wurdt.

*Reaksje op advys 6:*

*De provinsje hechtet bot oan taalbehearsking fan it Frysk en hâldt dêr yn har persoanielsbelied rekkening mei. As it needsaaklik is, is aktive taalbehearsking yn wurd en skrift in hurde eask. Oars wurdt in passive behearsking en in positive taalhâlding frege. At it algemien giet om meartaligens, lykas jim advisearje, wurdt de eask kompleksier om't in meartalich persoan net altyd talen behearsket dy't in rol spylje yn ús maatskippij.*

Advys 7:

Ferbyn oan de jierlikse Fryske Underwiispriis foar basis- en fuortset ûnderwiis yn 2017 en 2018 it tema 'meartaligens' en draach op dy wize as provinsje út dat dat it tema fan no en de takomst is.

*Reaksje op advys 7:*

*Dit advys nimme wy ús ter herte, mar wy wize jim derop dat wy net de organisearjende partij binne at it giet om de Fryske foarronde fan de Nasjonale Underwiispriis. De organisaasje dêrfan leit by it Instituut voor Nationale Onderwijs Promotie (INOP).*

Advys 8:

De resultaten fan it Taalplan Frysk biede de Underwiisynspeksje anst in moaie basis om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn en fan it Frysk te hifkjen. Boppedat kin mei de resultaten fan Taalplan Frysk de MYF mear as stimulâns ynset wurde. Us advys is lykwols om net te wachtsjen mei aksje oant de resultaten fan Taalplan Frysk der binne. Us koartetermyndadvizen biede genôch hânfetten om no al ta aksje oer te gean.

*Reaksje op advys 8:*

*Lykas earder oanjûn hawwe wy geregeld oerlizzen mei de Ynspeksje fan it Underwiis om ús befinings en soarch mei harren te dielen en hâlde wy harren op de hichte fan de stappen dy't wy sette. Yn de oerlizzen stelle wy ek de wetlike taak fan de Ynspeksje at it giet om tafersjoch op it Frysk oan de oarder en fergje wy de Ynspeksje op it útfieren fan har rol en taak.*

*De Ynspeksje hat ferskillende kearen oanjûn dat de opfolging fan de oanbefellings dy't de Ynspeksje dien hat yn har lêste rapport Tusken Winsk en Wirklikheid (2010) foldwaande binne om yn de takomst wer te hanthavenjen op it Frysk yn it ûnderwiis en om de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis wer te ûndersykjen. Dit is û.o. útsprutsen troch de Ynspekteur-Generaal fan it Underwiis mefr. Monique Vogelzang by it Wow-Frysk! kongres op 25 maaie 2016 yn Drachten. Ek hat de Ynspeksje tasein wer in nij rapport (lykas it lêste rapport Tusken Winsk en Wirklikheid út 2010) útbringe te wollen. Dat is mooglik as alle skoallen in Taalplan Frysk opsteld hawwe, dus fan 2018 ôf. Yn dit ramt wurde ek alle besluten oangeande in eventuele ûntheffing mei de Ynspeksje dield.*

Advys 9:

Organisearje de mooglikheid foar bestjoeren en koepels om (1) it ûnderwerp meartaligens as kwaliteit en doel te bepraten, (2) om te sjen hoe't meartalich ûnderwiis yn belied opnommen wurde kin en (3) om te sjen hoe't meartaligens yn alle groepen/klassen yntegraal ynfierd wurde kin. Jou se kapasiteit en gean in alliânsje oan. Mei as doel: yn stappen fan in ien- nei

in trijetalige skoalle (mei help fan jild út de MYF) en fan trijetalige skoalle en twatalich ûnderwiis nei 'Meartalich basis- en fuortset ûnderwiis' mei English-Frysk-Nederlands as doeltaal en fiertaal by oare leargebieten.

*Reaksje op advys 9:*

*Der is geregeld in bestjoerlik oerlis mei de koepelbestjoerders. Meartaligens yn it ûnderwiis komt dêrby altyd oan de oarder. Lykwols binne wy mei jo iens dat der breder omtinken komme moat foar meartaligens en dat dit prominenter op ferskillende aginda's stean moat.*

Advys 10:

In trochgeande learline fan foarskoalske foarsjennings (0-4 jier) nei it basisûnderwiis (4-12 jier) ûntstiet troch ynhâldlik kontakt tusken de pjutteliedsters en de learkrêften fan it basisûnderwiis. Sok kontakt fynt plak oan de hân fan en wurdt oanfitere troch ynformaasje oer de bern en de wurk- en learmetoades yn sawol de foarskoalske foarsjening as de basisskoalle. It idee fan sa'n trochgeande learline kin fersterke wurde troch ynhâldlike kennis en omtinken foar beide sektoaren sawol yn de oanbelangjende MBU-opliedings as op de PABO en de oplieding Pedagogyk. Underwiisfoarsjennings yn ien doarp/stêd kinne kontakt meiinoar sykje om te sjen hoe't se op it mêd fan meartaligens gearwurkje wolle en in trochgeande line realisearje kinne. Brede mienskipsinistativen kinne in berop dwaan op it lepen Mienskipsfûns. Meitsje boppedat gebrûk fan de kennis fan skoallen en organisaasjes dy't dit al yn oare plakken dogge.

*Reaksje op advys 10:*

*Wy sille jo advys beprate mei de stipe-organisaasjes foar it primêr ûnderwiis en it foarskoalsk ûnderwiis en de berne-opfang.*

Advys 11:

Bring differinsjaasje oan yn it foech Frysk sadat studinten ynstreame kinne op in foar harren gaadlik nivo en meitsje de wearde/it nivo fan it behelle foech dúdlik op it sertifikaat (neffens foarbyld fan it Cambridge Ingelsk).

*Reaksje op advys 11:*

*De pabû's binne al mei de foarstelde differinsjaasje oan de gong, dêr hawwe wy yn ús subsydzjerelaasje omtinken oan bestege. Fierder wolle wy, lykas ek oanjûn by advys 4, graach fierder ynfolling jaan oan it foech Frysk yn gearwurking mei Ryk en Ynspeksje.*

Advys 12:

Soargje foar goede rânebetingsten foar meartalich ûnderwiis (finânsjes, lesmateriaal, toetsing, learlingfolchsystemeem), pas it personielsbelied oan op it taalbelied (freegje nei it foech Frysk) en soargje der mei de Ynspeksje foar dat de middels bydrage ta it doel.

*Reaksje op advys 12:*

*It realisearjen fan de foarstelde rânebetingsten is op dit stuit folop yn útfiering.*

Advys 13:

Soargje derfoar dat 'meartaligens as kwaliteit en doel' ûnderdiel wurdt fan it belied fan Integraal Kindcentrum (IKC)/Integrale Kind Aanpak (IKA). Oars sein: wurkje it konsept fan meartalige foarsjennings fan SFBO út ta in breed-meartalich IKC/IKA. Dêr leit in goed begjin foar de trochgeande line.

*Reaksje op advys 13:*

*Foar safier't it ús ferantwurdlikheid rekket, binne wy mei de gemeente Ljouwert yn petear oer it opsetten fan in Frysk profyl foar IKC's. Hoewol't it inisjatyf hjirta troch de gemeente Ljouwert nommen is, sil dit profyl foar alle IKC's yn de provinsje beskikber komme.*

**Advys 14:**

Brûk meartaligens om te ynnovearjen en set yn in regio yn Fryslân (bygelyks de krimpregio Noardeast-Fryslân) mei alle partners in eksperimint 'meartaligens as kwaliteit en doel' op, mei stipe út it lepen Mienskipfûns. It plan foar in kampus fuortset en fakûnderwiis yn Dokkum, in bernekampus yn Damwâld en fúzjeplannen foar de skoallen yn Eastermar, Jistrum, Noardburgum en Tytsjerk biede dêr prima oanknopingspunten foar.

*Reaksje op advys 14:*

*Hjir binne wy al mei oan de gong. Binnen de Basisfoarsjenning Plus, lykas omskreaun yn de beliedsbrieff Mei Hert Holle en Hannen (2017-2020) en it koalysjeakkoart Mei elkenien, foar elkenien (2015-2019). Yn de regio's Noardeast- en Súdwest-Fryslân lizze neffens ús goeie kânsen om in fysike trochgeande learline meartaligens te kreëarjen, mei meiwurking fan de skoalbestjoeren. Dat giet om it Frysk-/twatalige foarskoalske foarsjenning, in trijetalige basisskoalle en in meartalige skoalle foar fuortset ûnderwiis op koarte ôfstân fan elkoar. Cedin hat opdracht krigen dit te ûndersykjen en sil ein dit jier mei de resultaten komme. Op grûn fan de ûnderfinings yn dy beide regio's sille wy sjen oft en hoe't wy dat model útrolje kinne oer de provinsje.*

**Advys 15:**

Meitsje de PABO en learare-oplieding ek yn de útfiering meartalich, sadat teory en praktyk opinoar oanslute en takomstige learkrêften klear binne foar it wurkjen yn in meartalige skoalle. De oanstearde fúzje fan NHL en Stenden biedt dêr goede hânfetten foar. It giet dan om de yntegraasje fan de trije doeltalen Frysk, Nederlânsk en Ingelsk, mar ek om de yntegraasje fan it taalûnderwiis mei it ûnderwiis yn de oare fakken en leargebieten. Dêrby wurdt de meartaligens fan de provinsje Fryslân mei de oare echte thústalen fan de learlingen (migrantetalen, lokale dialekten) ek behelle. Op dy wize krije de learare-opliedings in fanselssprekkende en sterkere rol by de fierdere ûntjouwing fan it model fan de Trijetalige basisskoalle en it Meartalich fuortset ûnderwiis. Dêrby leit de ynhâldlike klam op de eigen taalfeardichheid yn de doeltalen, op de didaktyk fan meartaligens – ynklusyf transfer en translanguaging as nije konsepten fan it taalûnderwiis – en op de attitude fan de learlingen en de skoalle-omjouwing.

*Reaksje op advys 15:*

*Dit ûnderstreekje wy. Wy sille dit agindearje foar oerlizzen mei de pabû's.*

**Advys 16:**

Meartaligens is troch ús multykulturele maatskippij in fraachstik yn hiel Nederlân. Meitsje fan Fryslân (as natuerlike meartalige regio) yn gearwurking mei nasjonale organisaasjes fan meartalich ûnderwiis in ekspertizesintrum fan meartaligens foar it lân.

*Reaksje op advys 16:*

*Dit is al yn gong set. Wy jouwe der ynfolling oan ûnder de namme 'Laboratorium Fryslân'.*

**Advys 17:**

Jou it 'Grip op kwaliteit'-projekt in ferfolch om mear ynstruminten, learmiddels en toetsen foar it Frysk ûntwikkelje te kinnen, ek yn ferbining mei Ingelsk en Nederlânsk.

*Reaksje op advys 17:*

*Deputearre Steaten hawwe foar it simmerreses 2017 in positief beslút naam oer it ferfolch fan dit projekt.*

**Advys 18:**

Lit de Ynspeksje en de provinsje gearwurkje op basis fan de oerdracht fan it foech fan it Ryk nei de provinsje mei as resultaat dat de Ynspeksje by syn wurk yn Fryslân systematysk omtinken ûntwikkelet foar it Frysk as faken fiertaal.

*Reaksje op advys 18:*

*Dit binne wy mei jo iens. Dit sille wy ek agindearje by de oerlizzen oer de fernijing fan de BFTK.*

**Advys 19:**

Set it proses yn wurking om by de oanpassing fan de WPO it foech Frysk in sterkere wetlike basis te jaan, sadat skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis ferplichte wurde om minsken mei in foech Frysk te beneamen (nei analogy fan it foech gymnastyk).

*Reaksje op advys 19:*

*It is net de ferwachting dat de WPO wizige wurde sil. It is ek net ús doel om dy wet oanpasse te litten. As it giet om it Frysk kinne wy mei de hjoeddeistige WPO goed út de fuotten. Dat dosinten in foech hawwe moatte foar it fak wêryn't se les jouwe, is no ek al in wetlike ferplichting.*

**Advys 20:**

As logysk ferfolch op foargeande wetlike oanpassings en as fersnelling fan it proses fan it fersterkjen fan eignerskip, ynklúzje en kwaliteit/kontinuïteit advisearje wy om de wetlike basis foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis te fersterkjen en it proses yn wurking te setten om by de oanpassing fan de WVO op te nimmen dat:

1. op de skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân op syn minst twa oeren wyks ûnderwiis yn de Fryske taal jûn wurdt yn alle foareksamenklassen;
2. de skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân it Frysk as kareksamenfak oanbiede.

*Reaksje op advys 20:*

*It is net de ferwachting dat de WVO wizige wurde sil. It is ek net ús doel om dy wet oanpasse te litten. Wy rjochtsje ús ynearsten it op útfieren fan de besteande wet.*

**Ta beslút**

Wy fine it tige weardefol dat in advysorgaan as DINGtiid bestiet, dat skerpet ús en daacht ús út om it provinsjale taal- en ûnderwiisbelied sa goed mooglik del te setten. Wy prate dêr graach op in konstruktive wize mei jo oer fierder.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter 

R.E. Bouius – Riemersma MBA MCM, secretaris

## M i n u t e

---

Registraasjenûmer : 01425003  
Primêr nûmer :  
Soarte stik : DG  
Opsteld troch : S. de Jong  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Tillefoan : (058) 292 56 10

---

Koarte gearfetting beslút:

Reaksje op it advysrapport Meartaligens as kwaliteit en doel opsteld troch DINGtiid, it orgaan foar de Fryske taal. It rapport is yn febrewaris oanbean oan de deputearre.

---

Oantekenings:

---

Persbericht : Net  
Tal siden : 10  
Tal taheakken : -  
Meistjoere : -  
Ôfskrift oan : DIV 1.20

---

|                              |   |                |   |
|------------------------------|---|----------------|---|
| - Klusterlieder              | : | Deputearre(n)  |   |
| - Ôfdielingshaad             | : | S.A.E. Poepjes |   |
| - Bedriuwskundig Adviseur    | : |                | : |
| - Direkteur/Opjefteregisseur | : |                | : |

---